

# IT AMBYLD

**Nû. 48**



ISSN: 2542-7423

**IT FRYSK BOUN OM UTENS**

[www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Foarjiersmoanne 2019

Skriuwer: Kees van der Beek  
Beemdweg 29  
3852 XC ERMELO  
till. 0341 - 559343

e-mail [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

*Maet, as hja miene wy rekken yn rêst -  
't Ark leit forsille, de krêften bin dwêst -  
Swaei dan dyn hammer as Thor troch de loft,  
Smei, dat it dindert yn daev'rijende noft,  
Smei, dat de fûnken it andert fjurkje:  
Net wier, w y w u r k j e !*

(Fedde Schurer : IT ANDERT)

Administraasje: J. Vogel  
Yellowlaan 4  
1695 HV Blokker  
INGbank rekkennûmer: NL94INGB0000320077 op namme fan:  
It Frysk Boun om Utens, Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker

## Utnoeging .....

foar de 95<sup>ste</sup> Algemiene Gearkomste fan "It Frysk Boun om Utens" op sneon 30 maart 2019 yn Restaurant Grandcafé 'Urbana', Wipstrikkerallee 213 yn Swol (038-4538418)

### Hoe komme jo dêr....

De A28 (Utert – Grins) giet dwerstroch Swol. Nim op 'e A28 ôfslach 20 / Zwolle-Noord – Almelo - (RING). Oan 'e ein fan 'e ôfrit fanút de rjochting Grins loftsôf slaan en fanút de rjochting Utert rjochtsôf. Folgje dan de N35 (Ceintuurbaan) en nei it stadion en de Isala kliniken (lofts en net te mis-sen) by de 2e ferkearsljochten rochtsôf en fuortdaliks wer rjochtsôf. Dat stiet Urbana rjochts.

Wa't oer de N35 út it easten komt rydt it yndustrieterrein Marslanden foarby en nei de tunnel ûnder it spoar by de earste ferkearsljochten loftsôf slaan. Dêrnei fuortdaliks rjochtsôf en dan stiet Urbana rjochts.

Wa't mei de trein nei Swol komt, stapt oer op streekbus 167 (perron A2) rjochting Ommen/Dalfsen. Utstappe by halte Cornelis Houtmanstraat. Dan is't noch noch 5 minuten nei Urbana.

Der komt in nij busstasjon oan 'e súdkant fan it NS-stasjon. Mooglik is dat 30 maart 2019 yn gebrûk naam. Dan kin't wêze, dat it in oar perron is.

Oars kin men it bêste earst even op [www.9292.nl](http://www.9292.nl) sjen hoe't men fierder reizgje kin.

**Wa't komt, hat it opjûn by de skriuwer fan it FBoU: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)**

**foar 17 maart - jou dúdlik oan as jo**

**allinnich nei de AG komme**

**jûns ite wolle yn Urbana**

**it jûnsprogramma fan it Frysk Selskip Swol meimeitsje wol**

**Jo meitsje gjin jild oer mar rekkenje foar it jûnsiten en-programma sels yn Swol ôf!**

### Wurklist:

**13.00 Ynrin - Untfangst troch it bestjoer fan de gast-krite**  
mei in kopje kofje of tee en in stikje oranjekoeke.

**Foar elk leit in namkaartsje klear. Foar de skriuwers fan de kriteren – it tal ledekaarten foar it nije winterskoft 2019/2020 leit dan ek foar jim klear om mei te nimmen.**

**NB. Ek in moaie gelegenheid en keapje by de skriuwer oarkonden foar de priis fan € 1,-- it stik foar dy leden, dy't jim ris yn 't sintsje sette wolle.**

**13.30 Algemiene gearkomste - part 1**

**14.30 Skoft**

**14.45 Algemiene gearkomste - part 2**

**15.30 Skoft**

**16.00 Lêzing troch Jan Bosgraaf oer syn wurk as Bûtengewoan Amtner Boargerlike Saken**

**17.00 Sluten Algemiene gearkomste**

It Selskip Swol nûget út om ek it jûnsprogramma by te wenjen:

Om 20.00 oere komt Bennie Huisman fan it Hearrenfean mei syn nije foarstelling: "De lange reis nei Berlyn".

Kosten: € 10,00 foar krite-leden en € 15,00 foar net-kriteleden

## It Frysk Boun om Utens rekkenet fansels de hiele middei op jimme!

Bygeande lêstbrief graach ynfolje en - ûndertekene troch de foarsitter en de skriuwer fan de Krite - op syn lêst in wike foar de Algemiene Gearkomste stjoere nei de Bounsskriuwer. **Foech om yn** de A.G. harren **stim út te bringen** hawwe allinnich dy twa fan it bestjoer oanwiisde lêstnimmers.

De skriuwer, Kees van der Beek

## Wurklist 95ste Algemiene Gearkomste yn Swol

Wolkomswurd fan de foarsitter fan it Frysk Boun om Utens, de hear **Jan Bijkerk**

1. Iepening troch de foarsitter fan it Boun, de hear Jan Bijkerk
2. Meidielingen en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de 94ste A.G. yn Ljouwert (side 4-9)
4. Jierferslach skriuwer oer 2018 (side 9-14)
5. Ferslach rekkenopnimmers oer 2018 (Assen en Boadegraven) en beneamen nije rekkenopnimmers (Boadegraven en De Haach)
6. Finânsjes: (side15)
  - a. Jierrekken ponghâlder 2018
  - b. Begrutting 2019
7. Ferslach rekkenopnimmers Sintrale Boeke Ferkeap (SBF) 2018 (Assen en Boadegraven)
8. Jierrekken Sintrale Boeke Ferkeap (SBF) oer 2018 (side 16)
9. Algemiene Gearkomst 2020 ? (side 16)
10. Toanielsaken: (side 17)
  - It Boun
  - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel)
11. Bestjoer: Ofgean en wer ynhiere fan nije bestjoersleden (side 17)
12. PLAN23 – de takomst fan It Frysk Boun om Utens (side 18)
13. Kontakt bestjoersleden mei de krite (side 19)
14. Moetings en Ynspiraasje-dei 2019 (ideeën) (side 19)
15. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 19)
16. Promoasje Boun (side 20)
17. Nijsfoarsjenning nei de krite ta (side 20)
18. Folkshegeskoalle Schylgeralân (side 20)
19. Wat fierder noch op it aljemint komt.
20. Omfreegjen.
21. Sluten fan de 95ste Algemiene Gearkomste



## Ad 3 Oantekens fan de 94<sup>ste</sup> Algemiene Gearkomste fan “It Frysk Boun om Utens” op sneon 14 april 2018 yn it Provinsjehûs fan Fryslân

Oantekens Algemiene Gearkomste fan It Frysk Boun om Utens, op 14 april 2018 yn Ljouwert, It Provinsjehûs

### 1. Iepening troch de foarsitter fan It Boun, Jan Bijkerk

De foarsitter fan It Frysk Boun om Utens hjit eltsenien hertlik wolkom yn Ljouwert. It FBoU is hjoed te gast by de Provinsje Fryslân en dat is tige nijsgjirrich yn it ramt fan ‘Ljouwert Kulturele Haadstêd 2018 fan Europa’.

In spesjaal wolkom is der foar de eareleden Stoffel Haagsma, Hans Weijer en Sjoerd Bakker. Earelid Hâns Dijk is mei it koar oan it oefenjen, mar net minder wolkom fansels.

Ek in wolkom foar de hear Dries Wijbenga fan it Selskip 1844 en frou Geeske Frieswijk fan it IFAT.

De foarsitter seit dat dit in koarte saaklike gearkomste wurde moat, om mear tiid oer te hâlden foar it feest fan de Friezedei. Hy hat foar dizze gelegenheid de foarsittershammer meinommen.

Hy lêst it gedicht ‘Bern fan Fryslân’ fan Anne Jousma foar en dermei is de 94e Algemiene Gearkomste fan it FBoU iepene, mei in hammerslach.

Mei beglieding fan Jaap Bakker op syn lûkpûde wurdt it Frysk Folksliet songen.

### 2. Meidielings en ynkommen stikken

2.1. Jan Piet Bergmans is 25 jier skriuwer west fan de krite Utert. Popke Slange (krite Hoarn) is al mear as 50 jier ponghâlder fan de krite ‘Troch de tael ferbûn’. De gearkomste kin dit wol wurdearje en klapt de beide mannen ta.

2.2. Der is berjocht fan behindering fan de ereleden Klaas Bos en Hinke Hofman. Klaas lit ús allegear de hertlike groetnis fia syn frou oerbringe. Hy is net by steat om nei de AG te kommen; nei in heup-operaasje ferline jier is hy yn in fersoargingshûs belâne. Hy hat it dêr tige nei ‘t sin, mar de sûnens spilet him parten. De mobiliteit en de spraak wolle net mear sa’t hy graach wol.... Earelid Wietse Hofman is spitigernoch ferstoarn. Hinke docht eltsenien de groetnis.

Ek ferstoarn is de hear Kees Kuipers, by libben skriuwer fan it IFAT.

De gearkomste betinkt no steand de leden dy’t ferstoarn binne.

2.3. It docht bliken dat fan alle kriteren fertsjinwurdigers oanwêzich binne.

2.4. Der komme gjin ynkommen stikken oan bar.

### 3. Oantekens fan de 93ste Algemiene Gearkomste yn Lelystêd

3.1. Flaters yn de tekst: gjinien.

De oantekens wurde fêststeld mei applaus foar de gearstaller(s).

3.2. Nei oanlieding fan: gjin opmerkings.

### 4. Jierferslach bounsskriuwer oer 2017

Der binne gjin opmerkings en/of fragen oer. Kees v.d. Beek kriget applaus.

### 5. Ferslach rekkenopnimbers oer 2017 en beneamen nije rekkenopnimbers

Hans Groenhof (krite Assen) seit út namme fan de rekkenopnimmers (Arnhem en Assen) dat de boeken fan it Boun en fan it SBF kontrolearre binne. Der bliken gjin kasferskillen te wêzen en de administraasje seach der tige fersoarge út, ek al omdat tsjintwurdich alles digitaal giet. De rekken fan baten en lesten 2017 en balâns op 31 desimber 2017, publisearre yn it Ambyld 47, kloppet.

De kaskommisje stellet de ledegearkomste út om de ponghâlder (Jan Vogel) te betankjen foar syn wurk en it bestjoer te desjarzjearjen foar it finansjeel bewâld oer it ferieningsjier 2016-2017.

Dat wurdt troch de gearkomste oernommen mei applaus.

De rekkenopnimmers hawwe ûndersteane **oanbefellings**:

1. Op de balâns stiet in post fan € 525,07 foar it 'Steunfûns stipe ledekriten'. Neffens de ponghâlder is hjir yn lange tiid gjin berop op dien. Wy (de rekkenopnimmers) freegje ús ôf oft sa'n fûns noch wol nedich is en stelle it bestjoer foar om it bedrach op te nimmen yn de algemiene middels.
2. Wat it boekefûns oanbelanget, de omset rint danich tebek en it is de fraach hoelang it noch sin hat om troch te gean. As op in stuit besletten wurdt om it fûns op te heffen, dan is it faaks mooglik om de foarrie te ferdielen ûnder alle ledekriten nei rato fan it ledetal. De kriten kinne de boeken dan ferlotsje op kritejûnen.

De foarsitter seit ta dat it bestjoer oer de earste oanbefelling gear sil en dat de twadde by agindapunt 8 oan 'e oarder komme sil.

De rekkenopnimmers wurde betanke foar harren wurk.  
Nije rekkenopnimmers oer 2018 wurde Assen en Boadegraven.

## **6. Finânsjes**

### **6.1. Jierrekken ponghâlder 2017**

Jan Vogel jout taljochting. De ynlage rint tebek; dat komt troch it tebekrinnen fan it tal kriteleden. Ek de subsydzje fan IFAT rint tebek; dat komt omt der noch mar ien toanielploech is (krite Assen). Der binne gjin fragen oer de jierrekken.

### **6.2. Begrutting 2018**

Jan Vogel jout taljochting op de begrutting.

De foarsitter seit dat der foar de Friezedei subsydzje oanfrege is by de Provinsje Fryslân, mar dat is ôfwisid. We binne lykwols wol yn it Provinsjehûs te gast. Der is wol subsydzje tasein troch it Prins Bernard Cultuurfonds (earder Anjerfonds).

Der binne gjin fragen oer de begrutting 2018.

## **7. Ferlach rekkenopnimmers Sintrale Boeke Ferkeap 2017 en beneamen nije rekkenopnimmers**

Dat is al oan 'e oarder kommen by agindapunt 5.  
Nije rekkenopnimmers oer 2018 wurde Assen en Boadegraven.

## **8. Jierrekken Sintrale Boeke Ferkeap oer 2017**

Taljochting op de sifers:

Der is in daling yn omset fan sa'n € 750,00. De ferklearing: De omset by foaral de grutste kriten (Apeldoarn en Swol) is drastysk sakke – Swol hie 1 ferkeapjûn minder en der waard minder ferkocht oan de lêsgroep. Besides oan krites sûnder boekferkeap en losse ferkeap oan lêsgroepen smiet lokkicher-nôch rûm € 335,00 op.

Der binne gjin fragen oer de jierrekken.

De foarsitter seit dat Jan Roelants en Jelma Wiegersma twa jier lyn mei in soad entûsjasme de SBF oernommen hawwe fan Janke Bergmans. Se hawwe der in protte energy yn stoppe, mar no't se allebeide in betelle baan hawwe, hawwe se eins gjin tiid mear foar de boeken. Dêrneist rint ek de ferkeap fan nije boeken stadich tebek en wurdt it dreger om se oan de man/frou te bringen. Jan en Jelma wolle der mei ophâlde en de gearkomste hat der begrip foar.

It bestjoer fan it Boun hat der oer praat en komt mei it ústel om de oanbefelling fan de rekkenopnimers (sjoch agindapunt 5) oer te nimmen. Dat betsjut dat de foarrie boeken ferdiel wurdt oer de ledekriten nei rato fan it oantal leden.

De ledegearkomste nimt dit ústel as beslút oer.

Jan Roelants seit dat dus hjoed de lêste ferkeap fan nije boeken is en dêrom hat er moaie oanbiedings.

De foarsitter betanket Jan en Jelma foar harren krewearjen. It bestjoer sil oer de útfiering fan it beslút te set.

## 9. Algemeine gearkomste 2019

De AG fan 2019 sil yn Swol holden wurde op 30 maart 2019. It Frysk Selskip Swol bestiet dan 120 jier. De foarsitter betanket de foarsitter fan de krite Swol, Jan Bosgraaf, foar it oanbod. Oer de AG fan 2020 sil de krite Assen noch neitinke. De krite Assen bestiet yn 2020 al 90 jier.

## 10. Toanielsaken

10.1. It Boun: De toanielploegen wurde minder yn oantal. Toaniel bliuwt tige wichtich foar it Boun en de oansletten kriten. Yn eltse krite binne ien of mear toanieljûnen yn it winterskoft. De toanielploech fan Utert-Boadegraven-Woerden (dielstoaniel) is der mei ophâlden. Teatske Haanstra (krite Assen) seit dat de toanielploech fan krite Assen noch wol bestiet, mar gjin stik útfierd hat. Se besykje in trochstart te meitsjen. De hear Koopmans (krite Meppel) freget nei ervarings mei in kritebarren op in middei yn stee fan op in jûn. Ferskate kriten hawwe ien of mear middei-ynfolgings en de ûnderfinings binne goed. Jan Roelants (krite Utert) seit dat in krite middei gjin nije leden lûke sil, want it jongerein kin faak net op in middei. Hylke de Haan (krite De Haach) seit dat yn De Haag op twa streamen ynset wurdt: foar de jongerein op 'e jûn en foar de âlderein op 'e middei. Dat rint goed.

10.2. IFAT: By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen.

IFAT ('It Frysk Amateur Toaniel') is yn 1953 oprjochte troch:

- \* BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- \* FBOU – Frysk Boun om Utens
- \* It âld Selskip – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekkôrbou en oare toanielomballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydzje, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

#### **11. Bestjoer – ôfgean en wer ynhiere fan bestjoersleden**

It roaster fan ôfgean sa't dat fêststeld is, is:

2018: Kees v.d. Beek, skriuwer.

Hy is werkiesber. De gearkomste wol dat graach en applaudisearret foar Kees.

It bestjoer stelt de gearkomste foar om yn de fakatuere Tia Walstra de hear Hylke de Haan (krite De Haach) te beneammen als algemien lid. De gearkomste hat hjir gjin beswier tsjin, mar applaus foar oer.

Hylke seit it ien en oar oer himsels (berne yn de Gordyk, stúdzje yn Delft, lid west fan 'Aldgilles' en no ponghâlder fan krite De Haach. Dan skowt er efter de bestjoerstafel.

#### **12. Plan 23**

De oprop om e-mailadressen hat sukses hân. Der binne op it stuit 131 adressen sammele fan oer de hiele wrâld. De adressen wurde ek brûkt foar it stjoeren fan ynformaasje as de minsken dat wolle.

Fierder steane de krite-aktiviteiten op de webside fan it Boun (as se trochjûn wurde).

De Moetings- en Ynspiraasjedei bliuwt. Dat wie yn 2017 in moaie dei.

#### **13. Kontakt bestjoersleden mei krite**

Op de webside stiet de ferdieling van de bestjoersleden oer de ledekrite.

Hans Groenhof (krite Assen) neamt wat saken dy't ferkeard of net op de webside steane. Jan Bijkerk seit ta dit op te lossen.

Mei de komst fan Hylke de Haan sil der in nije ferdieling fan de bestjoersleden oer de ledekrite komme.

#### **14. Moetings- en ynspiraasje dei 2018**

De MYD yn 2018 is op 17 novimber 2018 yn Hurderwyk (de Kiekmuere). Foarearst wurdt frege om op dizze datum gjin eigen krite-aktiviteiten te organisearjen.

De foarsitter freget de gearkomste om binnen 4 wiken mei suggestjes te kommen foar de ynfolling fan dizze dei (oanjaan by de skriuwer).

Jan Roelants stelt út om dan de nije boeken te ferdielen oer de ledekrite. Dit útstel wurdt oernommen.

#### **15. Mediasaken / Omrop Fryslân**

Jan Piet Bergmans hat yn it Ambyld ynformaasje opnimme litten, mei in oanfolling fan de skriuwer yn de taheakke fan de agenda.

#### **16. Promoasje Boun**

It promoasjewerk beslacht it neikommende:

a. It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.

b. Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).

c. It trochjaan fan krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is no in Aktiviteitenkalinder opnommen: alle krite jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn it winterskoft op 'e rol stiet.

De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk en Kees van der Beek:

[skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

### 17. Nijsfoarsjenning nei de kriterien ta.

Dêrfoar hawwe wy ús Ynformaasjemap. Dy stiet op ús webside en wurdt dêr ek regelmjittich ferfarske. Op dy wize kinne wy alle kriterien berikke en it sparret in protte wurk en tiid. Boppedat is it stikken goedkeaper.

De Ynformaasjemap is op de webside fan It Boun sûnder wachtwurd beskikber.

Meitsje sa folle mooglik gebrûk fan ús webside: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl), benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. Sjoch ek ris ûnder de knop "Weblog". Op sa'n wize kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten.

De fersprieding fan It AMBYLD, mei de gearkomstestikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail en is yn te sjen op de webside fan it Boun.

### 18. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Op in prachtige lokaasje yn de bosk fan Skylge, deunby it Noardseestrân en it Wrâlderfgoed Waadsee, fine jo de Folkshegeskoalle Schylgeralân. Jo binne dêr fan herte wolkom foar in ferskaat oan kursussen en aktiviteiten en foar in hearlik fersoarge ferbliuw. Untspannend, learsum of kreatyf, ek yn 2017 is it der wer op de Folkshegeskoalle. It oanbod is yndield yn tema's, mar der binne ek alle mooglike kombinaasjes mooglik, lykas de natuer en skilderjen of besinning en taal. Foar in folslein oersicht fan aktiviteiten dit jier sjoch de Jierkalinder op de webside.

Efkes allinnich mar ûntspanne? Dat kin ek. Underskate ferbliuws-mooglikheden kinne ek los boekje wurde, yndividueel of mei in groep.

Edukaasje, natuer en ferdivedaasje yn de Skylger bosk. Ynskriuwe foar in kursus kin fia de webside. Of se helpe jo graach tillefoanysk op wei: 0562 – 448954. Hiel graach oant sjen op de Folkshegeskoalle.

Kom, nim de tiid foar josels en genietsje!

Yn 2018 bestiet de Folkshegeskoalle Schylgeralân 70 jier. Dat jubileum wolle se fiere mei in reüny fan eltsenien dy't ea op Simmerkamp west hat op de Folkshegeskoalle op Skylge. Dy Simmerkampen foar jongerein binne sûnt de oprjochting yn 1948 al organisearre troch de FHS. Sy hoopje elk werom te sjen yn it wykein fan 29 juny oant en mei 1 july 2018. Yn de 70 jier dat de Folkshegeskoalle bestiet, hawwe kloften bern in geweldich fakânsjekamp meimakke op Skylge. Bysûndere oantinkens oan it fjouwerkante bosk, ferskes sjonge, it strân, meihelpe mei itensieden en kete op 'e slipeal. Se nûgje alle Simmerkampers, bern en lieding, út om dy oantinkens mei-inoar op te heljen op Schylgeralân.

It reünyprogramma is op 30 juny, mei de mooglikheid foar in gesellige jûn op freed of sneon derby mei de Fryske band Volk of fansels efkes om 'e hoeke sjen by Hessel yn 't doarp.

Foar ynformaasje: [info@folkshegeskoalle.frl](mailto:info@folkshegeskoalle.frl)

Webside: [www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl)

It adres: Folkshegeskoalle Schylgeralân

Badwei Hoarne 11

8896 KC Hoarne Skylge

tillefoan: 0562 – 448954



**19. Wat fierder noch op it aljemint komt**

De hear Koopmans (krite Meppel) lêst it gedicht 'De sûnden fan de âlders' foar.  
Fierders komt der neat op it aljemint.

**20. Omfreesjen**

20.1. Hans Groenhof (krite Assen) neamt noch in tal flaters op de website. Jan Bijkerk seit ta om der nei te sjen en it te ferbetterjen.

Fierders seit de hear Groenhof dat it ferslach fan de lêste gearkomste fan Diel Noard by de skriuwer is.

20.2. Johannes de Kroon (krite Hurderwyk) jout de suggestje om in bibleteek fan âlde boeken op te setten, as de ferkeap tebek rint. Yn Hurderwyk rint it als in tierelier.

'Der moat Frysk lêzen wurde', seit de Kroon.

20.3. Henk de Boer (krite Apeldoorn) freget oandacht foar de ferlotting en de prizetafel. In lot is altyd priis!

**21. Sluten fan de 94e Algemeine Gearkomste**

Jan Bijkerk slút de gearkomste mei in betankje oan de Provinsje Fryslân foar de gastfrijens.  
Jan winsket eltsenien in lekkere lunsj, in moaie middei en oant sjen.

Gerrit Stegenga, april 2018



Tenei mear sensuer op Facebook.

**Ad 4 Jierferslach 2018 fan de Bounsskriuwer**
**It bestjoer**

De hjirûnder steande minsken fan de neamde kriter hawwe sit yn it bestjoer:

J. Bijkerk	Lelystêd	: foarsitter
K. van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
H. de Haan	De Haach	: algemien
G. Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
P. Westdijk-Kaastra	Utert	: algemien
J. Vogel	Hoarn	: ponghâlder

Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl)

Jan Bijkerk en Pietie Westdijk-Kaasta wienen mei ús âld-foarsitter en earelid dhr. Hâns Dijk fertsjintwurdige nei it IFAT

Kees van der Beek wie fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

It bestjoer hat yn 2018 by inoar west op: 08/02, 08/05, 26/09 en 20/11.

In tariedingskommisje AG/Friededei, besteande út de foarsitter Jan Bijkerk, Pietie Westdijk, âld-bestjoerslid Tia Walstra, Jan Vogel en Kees van der Beek, binne 30/01, 14/03, 27/03 en 10/04 gear west om 14/04 ta te rieden.

De fêste fertsjintwurdiger fanút it bestjoer is nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging west: 17 maaie en 18 oktober. Fanút de Ried fan de Fryske Beweging is it inisjatyf naam om te kommen ta in Nij platfoarm fan Fryske organisaasje ûnder de namme **WUB** wat stiet foar **Wat Us Bynt**. De namme seit it al – der wurdt socht nei mear gearwurking en útwikseling fan ynformaasje by al dy organisaasjes; 06/03 wie de earste gearkomste yn Ljouwert by Keunstwurk.

### Eareleden

Yn 2017 is ien lid tafoege oan de list mei eareleden fan it Boun. Dy sjocht der no sa út:

- Klaas Bos fan Lexmond,
- Stoffel Haagsma fan De Gordyk,
- Hinke Hofman fan Diever
- Betty van der Schaaf-Plaat fan Leiden
- Sjoerd D. A. Bakker fan Dalftsien
- Hâns J. Weijer fan Bovensmilde
- Hâns Dijk fan Boadegraven

*Ferline jier 15 augustus kaam it berjocht dat it ús âld-foarsitter Hâns Dijk slim siik is – hy bliek al langere tiid de sykte ûnder de lea te hawwen, mar yn 'e simmer fan 2018 is de sykte letterlik ûntploft – sa liet hy sels witte. De namme fan de sykte: 'chronische lymfatische leukemie' (CLL). Op Pinkstermoandei lei hy noch de Alvestêdetoch op 'e fyts ôf. Lokkich is de behandeling dêrnei goed oanslein, mar de sûnens blykt dus kwetsber te wêzen.....*

### It Boun

Mei 14 oansletten kriteleden en 1 Stúdzjerûnte gongen wy it jier 2018 yn mei **1746** kriteleden. Nei de Algemiene Ledegearkomste yn april yn Ljouwert waard rillegau dúdlik, dat ús âldste oansletten krite, "Gysbert Japicx" fan Haarlim nei 121 jier der mei ophâlde moast – mei noch in goeie 100 kriteleden slagge it net langer om noch in gaadlik, betelber plak yn Haarlim te finen om mei inoar kritegearkomsten te organisearjen – boppedat wie de animo om in sit yn it bestjoer te nimmen der net en nei in ledegearkomste yn maaie is it beslút nommen om de krite op te heffen: ivich spitich fansels!

Yn it ramt fan PLAN23 binne der oant no ta rûm 130 e-mailstipers fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje binne ynskriuwingen binnenkaam.

### De Dielen

Fan de dielen Noard en West is it ôfrûne jier gjin ferslach opmakke fan Dielksgearkomsten. It diel Midslân, foarme troch de kriteleden Hilversum, Utert, Seist, Lelystêd en Hurderwyk, komt jierliks ienris by inoar en fynt it útwikseljen fan ûnderfiningen tige wichtich. Dit jier kamen hja 14 maart yn Bussum byinoar.

### Ledetal

Sa as al by **It Boun** beskreaun is it ledetal opnij tebekrûn. Mei it opheffen fan de Krite Haarlim is it ledetal fuortendaliks al rûm 100 sakke

Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It Boun: it tebekrinnen fan it ledetal by de kriteren is bekend: âlde leden, dy't der by weifalle, mar suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de kriteren dogge alle war om elk winterskoft wer in programma foar de leden op priemmen te setten. Selskippen fan bytiden wit hoe fier komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler of minder oantreklik en bliuwe de leden wei – wêr hâldt dit op? It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kritelibben: alle lof dêrfoar!

### Krite-aktiviteiten

Yn it oersicht fan krite-aktiviteiten falt elk jier wer op, dat de measte krite-leden/gasten it leafst nei in toanieljûn komme. Ien toanielselskip, dy't noch yn Bounserbân aktyf is, kin fansels al dy oare kriteren net allinnich betsjinje. Lokkich is it toaniellibben yn Fryslân sa sûn as in fisk. Mei it tebekrinnen fan it tal leden is it finansjele draachflak lykwols wol hieltyd beheinder wurden – de prizen, dy't de selskippen freegje binne yn trochsnee net sakke.... It tal kriteaktiviteiten is by in tal kriteren dan ek oppenij slonken.

It wurdt foar de aktive leden, dy't wol elk jier ek âlder wurde, yn tanimmende mate dreger om yn it winterskoft yn de jûntiid noch op 'n paad te gean; guon kriteren kieze der dan ek foar om mei in programma op 'e middei te kommen, sadat men net mear yn 't tsjuster oer de wei moat.

It sykjen nei nije foarmen om it de leden nei't sin te meitsjen komt mar min fan 'e grûn; Jo moatte net benaud wêze en mei in bytsje moed komme jo faaks in hiel ein. It útwikseljen fan 'goed-nijs' ûnder inoar wurket absolút – it tsjil sels útfine hoecht net mear, dat is allang troch in oar dien...

### Kriteren

Foar it oersjoch fan de ledetallen en de stiftingsjierren ferwize wy nei **bylage II** (side 22). **Bylage I** (side 21) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 1 febrewaris 2019.

Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside. De adresgegevens binne foar it grutste part nei de nijste Europeeske AVG-rigeljouwing oanpast en binne dêr ek te finen : [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).

Sa as wenst hawwe **Bounsbestjoerders** dit jier wer ûnderskate **kritejûnen** besocht. Mei de twa net-oansletten kriteren hawwe ek wer goede kontakten west.

### Moetings-en Ynspiraasjedei fan 17 novimber 2018:

Wat foarhinne it Kaderwykein wie hat no dan plak makke foar in Moetings- en Ynspiraasjedei.

It Multifunksjonele Sintrum 'de Kiekmure' yn Hurderwyk wie foar de tredde kear it plak – de Fryske Krite "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk en omkriten stie foar it jûnsprogramma.

Hjir it ferslach fan dy dei, sa't dat ek op de webside fan it Boun te lêzen is:

**Ferslach Moetings- en Ynspiraasjedei:**

Sneon 17 novimber wie it wer sa fier: ús tredde Moetings- en Ynspiraasjedei yn de Kiekmure yn Hurderwyk. Der wiene de middeis sa'n 46 dielnimmers, in hiele moaie opkomst as wy it fergelykje mei ferline jier.

*Ek dit jier hiene wy in tal nijsgjirrige sprekkers: Earst, foar it skoft, kaam Pier Bergsma oan 't wurd. Syn ynlieding joech in oersjoch fan de hjoeddeiske sitewaasje fan de Fryske taal. Fan de iene kant hat it der nea sa goed foarstien: mei de wetlike ferankering is neat mis. Yn de Steaten wurdt Frysk praat, wy hawwe ús trijetalige skoallen en Frysk is in ferplicht fak yn it ûnderwiis. Mar wa't op de boartersplakken fan ús basisskoallen omrint, heart wat langer wat mear Nederlânsk. Dit komt sa net goed en is dit noch te kearen..... dus: "It is mei sizzen net te dwaan".*

*It programma waard ôfsluten mei it priiswinnende ferhaal "De bok, it gouden aai en de sân ravens". Pier Bergsma studearre nei de Kweekskoalle Nederlandse Taal en Letterkunde (RUG). Hy wie jierren wurksom as direkteur fan in basisskoalle. Hy skriuwt ferhalen en essays yn it tydskrift 'De Moanne' en kollums. Hy die dat û.o. as fêste ûnderwiis kollumnist fan it Friesch Dagblad. Op it stuit is hy aktyf as bestjoerslid fan De Ried fan de Fryske Beweging.*

*Nei it skoft folge in nijsgjirrige lêzing oer it libben en it wurk fan Joost Halbertsma, troch de skriuwster Alpita de Jong, yn gearwurking mei Eddy van der Noord, útjouwer fan it boek. De biografy dy't Alpita de Jong skreaun hat, koe mei koarting kocht wurde.*

*Wy kinne, neffens de oanwêzigen, weromsjen op in moaie, learsume en gesellige middei, sadat de konklúzje fan de foarsitter wie, dat dit wis foar werhelling fetber is.*

*De jûns koene de dielnimmers, dy't bleaun wienen en de krite-leden fan "Meiinoar Ien" fan Hurderwyk noch genietsje fan it toanielselskip "Pro Rege" fan Holwert mei it stik 'In frou fan fiif miljoen'. In hiele moaie foarstelling!*

Foar de neikommende krite in **2018** in lustrumjier:

<b>Seist</b>	<b>90 jier</b>
--------------	----------------

**2019** is foar dizze krite in lustrumjier:

<b>Swol</b>	<b>120 jier</b>
<b>De Haach</b>	<b>120 jier</b>
<b>Meppel</b>	<b>95 jier</b>
<b>Hurderwyk</b>	<b>40 jier</b>
<b>Súdeast Drinte</b>	<b>25 jier</b>
<b>De Helder</b>	<b>110 jier</b>

**2020** wurdt foar dizze krite in lustrumjier:

<b>Assen</b>	<b>90 jier</b>
<b>Twente</b>	<b>40 jier</b>
<b>Arnhem</b>	<b>40 jier</b>

### De kommunikaasje nei de kriterien en de leden ta

Alle kommunikaasje nei de kriterien ta giet fia de e-mail – it giet fluch en it is ‘fergees’ – in postsegel is net mear nedich...

Lykwols, de **kriteboekjes/blêden** binne en bliuwe ynearsten noch fan it grutste belang foar de kommunikaasje mei de leden en binne wis in binende faktor foar de kriterien.

Alle kriteblêden stean tsjintwurdich kreas op de webside fan It Boun; hiel wat kriteleden binne sa stadichoan wol thús yn de digitale wrâld en mei wat help fan pake- en beppesizzers fine sy wat se sykje. Redaksjes fan de kriteblêden meitsje gebrûk fan de nije media en witte de boekjes hieltyd moaier te meitsjen – Geweldich! En meitsje mar gebrûk fan inoarren talinten; stikjes, dy’t ek nijsgjirrich binne foar de eigen kriteleden gewoan oernimme – wol de boarne fermelde...

Skriuwers en redaksjes, wer sterkte en sukses tawinske!

### Nij dit jier: AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming

Privacy

Yn it ramt fan de nije privacywet, de AVG, binne we ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens we fan harren hawwe, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa’t dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- Emailadres



Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. We brûke de gegevens allinnich mar om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean.

Sûnt 25 maaie fan it jier 2018 is de AVG fan tapassing - yn hiel Europa dus deselde privacywetjouwing. De âlde Wet Bescherming persoonsgegevens (Wbp) bestiet dus net mear.

Hjir hawwe wy as Frysk Boun om Utens ek mei te krijen!

Yn de Algemiene Ledegearkomste fan sneon 30 maart 2019 freegje wy oan alle belanghawwenden om yn te stimmen mei de nije rigeljouwing.

In soad ferieningen en ynstellingen binne wakker skrokken fan dy nije rigeljouwing; as Boun hawwe wy alles op in rychje set. Folle feroaringen binne der eins net iens: it giet foaral om it rjocht fan belanghawwenden om persoonsgegevens wol as net te publisearjen yn hokker foarm dan ek. It sekuer omgean dêrmei is no fêstlein – foarhinne waard der oars net minder sekuer mei omgien.....

De ynformaasjemap is dêrom in stik ynkoarte: in soad persoonsgegevens binne beheind ta de namme en in e-mailadres, om’t soks op de webside fan It Boun sichtber is foar it hiele wrâldwideweb (www). Dit is ek yn dit AMBYLD it gefal.

### De Ried fan de Fryske Beweging

Kees van der Beek is út namme fan It Boun fertsjintwurdiger nei de Ried fan de Fryske Beweging. De Ried fan de Fryske Beweging is it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes, dy't harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien. De Ried is de organisaasje dy't wat dat oanbelanget yn Fryslân de finger oan 'e pols hâldt en sa nedich dêr de diskusje oer oangiet mei de ferantwurdlike oerheden, maatskiplike organisaasjes en it bedriuwslibben.

Fanút de Ried is it inisjatyf nommen ta it opsetten fan in brede alliansje foar de Fryske taal&kultuer ûnder de namme WUB (=Wat Us Bynt/Wakker Fryslân). 'Wakker Fryslân' is dêrmei de organisaasjes wurden op it mêd fan Fryske sporten, algemien/leefberens, amateurtoaniel& iepenloftspullen, Fryske muzyk, kultuer, literatuer, media, taal, lânskip/natoer en ûnderwiis.

'Alles wat Fryslân ta Fryslân makket'.

De Ried wol der ta bydrage dat de polityk net om it Frysk hinne kin. En noch altiten blykt it noadich, dat de Ried de lju yn De Haach oanfiterje moat om rekken te hâlden mei de Twadde Rykstaal - sjoch mar ris op de websiden [www.fryskebeweging.fr](http://www.fryskebeweging.fr) en [www.itnijs.fr](http://www.itnijs.fr)

Wat de webside [www.itnijs.fr](http://www.itnijs.fr) - inisjatyf fan de Ried - oanbelanget, dêr wie Kees van der Beek skriuwer/webredakteur fan. Oan de ein fan 2018 hat Kees de pinne dellein. De Ried brocht earder it blêd Swingel út foar stipers. De Ried is oan de ein fan dit jier útkaam mei in nije glimmer: 'De Nije' en de foarsitter fan de Ried bringt elk fearnsjier in bypraterke út wêryn't beskreaun wurdt, wat de Ried sa al docht.

### Omrop Fryslân

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt 15 fan de wurklist (side 19).

### Ta beslút:

Wer tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is. In goed kritejier tawinske.

Kees van der Beek, skriuwer

**LICHEMSTAAL**

**DE WURDEN  
BINNE NET SA  
DREECH**

**MAR DY  
FERREKTE  
GRAMMATIKA**

*Loesje*

**Ad 6a/b Finânsjes**
**REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2018 EN BEGRUTTING 2019**

BATEN	Begrutting 2018	Rekken 2018	Begrutting 2019	LESTEN	Begrutting 2018	Rekken 2018	Begrutting 2019
Ynlage kriten	900,00	849,00	825,00	Feriening en bestjoer	900,00	1.847,07	900,00
Bydragen publisiteitskosten	150,00	170,00	150,00	Publisiteit	200,00	181,50	200,00
Rintes	15,00	16,46	15,00	Algemiene Gearkomste	350,00		350,00
Bydrage friezedei		8.400,00		Kontribúsje en stipen	150,00	100,00	100,00
Bydrage M&Y-dei	400,00	405,00	400,00	M&Y-dei	1.200,00	50,00	1.000,00
Jeften	25,00	97,50	25,00	Friezedei 2018	8.875,00	9.384,25	-
Subsydzje IFAT	1.900,00	1.897,38	1.500,00	IFAT-adminstraasje	450,00	429,16	450,00
Friezedei 2018	5.875,00	-	-	Toaniel WA	-	45,00	-
Bydrage FBoU Friezedei	3.000,00			Ledekaarten 2018-2019		81,68	
Bydrage PBF*			984,25	Oerskot 2018	140,00		
Tekoart 2018		283,32		Oerskot 2019			899,25
<b>Mei-inoar</b>	<b>12.265,00</b>	<b>12.118,66</b>	<b>3.899,25</b>	<b>Mei-inoar</b>	<b>12.265,00</b>	<b>12.118,66</b>	<b>3.899,25</b>

PBF\* stiet foar Prins Bernhard Kultuerfûns

**BALANS 31 DESIMBER 2018**

DEBET	31-12-2017	31-12-2018	KREDIT	31-12-2017	31-12-2018
			Te beteljen en ferrekkenjen:		
ING saaklik gewoan	407,24	1.366,71	Foarskotten en reserve IFAT	4.449,76	16.209,99
ING spaarreken	4.102,80	14.107,06	Kosten M&Y-dei	-	600,00
Ferwachte ynkkomsten:			Feroaring kapitaal:		
Oanfrege subsydzje IFAT	1.900,00	1.500,00	Begjinkapitaal op 1-1-201*	6.680,22	7.388,30
Oanfrege subsydzje PBF		984,25	Oerskot/tekoart boekjier	708,08	- 283,32
			Einkapitaal op 31-12-201*	7.388,30	7.104,98
<b>Mei-inoar</b>	<b>12.363,13</b>	<b>23.914,97</b>	<b>Mei-inoar</b>	<b>12.363,13</b>	<b>23.914,97</b>

**TALJOCHTING OP DE REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2018:**

Dit jier is der in tekoart fan krapoan € 300,00. Dit soe nog heger west ha as de rekken fan 'e M&Y-dei (sealhier, buffet, kofje) binnen kaam wie. De bestjoerskosten binne heech om't yn it begjin fan 2018 nog een deklaraasje oer 2017 betelle is. Ek wiene de bestjoerskosten heech mei it each op 'e Friezedei."

**TALJOCHTING OP DE BALANS 2018:**

Op de AG fan april 2018 is ofsprutsen dat it potsje "Steunfûns stipe ledekriten" neat om 'e hakken hat en stiet dit op it balans oer 2017 op € 0,00. Troch it opheffen fan it boekenfuns is er rom € 11.000,00 oan de reserves ta foege."

**TALJOCHTING OP DE BEGRUTTING 2019:**

De Friezedei hat it Boun in lytse € 1000,00 koste.(folle minder as we earst tocht hiene) Dêrfoar is subsydzje oanfrege mar **hoefolle** wy krije is noch de fraach.



## Ad 8 Jierrekken Sintrale Boekeferkeap

### Omsetsifers Sintrale Boeke Fûns 2018

krite	Omset 2018	Omset 2017	Omsetpart oer 2017	Omsetpart oer 2018	Omsetpart oer 2017/2018
Apeldoarn	277,40	109,45	13,87	5,47	19,34
Boadegraven	9,95	57,00	0,50	2,85	3,35
Hilversum	191,90	129,95	9,60	6,50	16,09
Lelystêd	243,40	92,00	12,17	4,60	16,77
Súdeast Drinte	-	147,90	-	7,40	7,40
Swol	504,95	155,10	25,25	7,76	33,00
Utert	97,35	273,89	4,87	13,69	18,56
FBoU	553,27	622,90	-	-	-
<b>Mei-inoar</b>	<b>1.878,22</b>	<b>1.588,19</b>	<b>66,25</b>	<b>48,26</b>	<b>-</b>

### Balans – Sintrale Boeke Fûns per 31-12-2018

	31-12-2017	31-12-2018		31-12-2017	31-12-2018
ING betaal	756,93	2.151,37	Ofskriuwing foarrie	13.300,00	-
ING spaar	9.376,87	9.386,11	Noch te beteljen omsetpart oer foarrich jier	48,26	-
Foarrie	13.300,00	-	kapitaal	10.085,54	11.537,48
<b>Mei-inoar</b>	<b>23.433,80</b>	<b>11.537,48</b>		<b>23.433,80</b>	<b>11.537,48</b>

### Ferlies & Winstrekken – Sintrale Boeke Fûns oer 2018

	2017	2018		2017	2018
Ynkeap	586,15	124,50	Omset	1.588,19	1.878,22
Betelle omsetpart	134,37	114,51	Rinte oer foarrich jier	15,62	9,24
Ynkeap kosten	-	-	Ferskate ynkomsten	3,25	-
Porto / km kosten	273,78	134,75			
Bankkosten	107,64	110,02			
Ferskate kosten	4,05	-			
Winst/ferlies	501,07	1.403,68			
<b>Mei-inoar</b>	<b>1.607,06</b>	<b>1.887,46</b>		<b>1.607,06</b>	<b>1.887,46</b>

Jan Vogel/Jelma Wiegersma/JanRoelants



## Ad 9. Algemeine Gearkomsten 2019 en 2020

Sa as al yn it ferslach fan de AG fan ferline jier stiet hat it Kriteselskip Swol tasein as gasthear op te treden foar de AG fan 2019. Dit jier betinke sy, dat se 120 jier besteane.

As FBoU binne wy tige ynnommen mei dizze tasizzing en hawwe wy 8 febrewaris al in grutsk jubileumfeest fan it Selskip Swol hân.

Foar 2020 ferwachtet it Boun dat ien fan de dan jubilearjende kriteren de tasizzing dwaan wol om as gasthear te fungearjen.



## Ad 10 Toanielsaken

By alle bestjoersgearkomsten fan it Bounsbestjoer wurdt de stân fan saken op it mêd fan toaniel besprutsen. De ienige toanielploech dy't binnen it ferbân fan it Boun noch aktyf is, is Assen; sy hawwe troch sykte har aktiviteiten opskeud.

Foar toanielselskippen binne de Krite dit winterskoft dan ek oanwiisd op selskippen út Fryslân.

### "It Frysk Amateur Toaniel"

IFAT is yn 1953 oprjochte troch:

- BFT – Boun fan Fryske Toanielselskippen
- FBOU – Frysk Boun om Utens
- It âld-Selskip1844 – Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse

De haadreden fan it oprjochtsjen fan IFAT is it bondeljen fan alle organisaasjes, sawol yn as bûten de provinsje Fryslân, dy't ta doel hawwe it fuortsterkjen fan de Fryske taal en kultuer en yn it bysûnder it opfieren fan Frysktalich toanielwurk troch amateurs.

IFAT besiket dat doel nei te stribjen troch it stypjen fan toanielkrigen, fan stúdzjedagen en stúdzjewykeinen, fan karmasterskursussen, fan kursussen beljochting, dekôrbou en oare toaniel-omballings, rezjykursussen, en it befoarderjen fan lêzen en foarlêzen yn de Fryske taal.

IFAT is in lanlike organisaasje en kriget sûnt 1953 lanlike subsydze, sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak "Fryske Taal en Kultuer". IFAT behertiget de belangen fan de trije oansletten organisaasjes benammen yn it oerlis mei de oerheid oer it subsydzjebarren.

IFAT: De takomst fan it Frysk binne wy sels!

**Foar it FBoU hiene sit yn IFAT: Hâns Dijk en Pietie Westdijk-Kaastra en de foarsitter Jan Bijkerk .**

## Ad 11 Bestjoer - ferkiezing leden bestjoer

It roaster fan ôfgean sa't ús bestjoer dat fêststeld hat is:

2019: Pietie Westdijk-Kaastra en Jan Vogel

2020: Gerrit Stegenga

2021: Jan Bijkerk

2022: Kees van der Beek en Hylke de Haan

Dit jier binne dus Pietie Westdijk-Kaastra en Jan Vogel reglemintêr oan bar om ôf te gean. Sy hawwe beide te kennen jûn werkiesber te wêzen.: Pietie foar 2 jier en Jan foar 4 jier.

.....

It bestjoer ropt lykwols nochris alle kritebestjoeren op om mei (tsjin-)kandidaten te kommen. Soks alhiel yn oerienstimming mei it Húshâldlik Reglemint fan it Boun. Komme dy net foar 22 maart binnen by de skriuwer fan it Boun (Kees van der Beek – [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl) ) dan docht it bestjoer it útstel om op de AG fan 30 maart Pietie Westdijk-Kaastra te werkieszen

*Ik wol der wol op wize, dat it gjin fereaske is, dat Bouns-bestjoersleden teffens bestjoerslid fan in krite wêze moatte.*

## Ad 12 PLAN23 – hoe fierder mei it Frysk Boun om Utens

### De Doelstellingen fan it Boun binne:

1. In bân lizze tusken Friezen bûten Fryslân en by harren it Fryske folkskarakter yn al syn uteringen, benammen yn de taal te bewarjen en te befoarderjen;
2. By oaren as Friezen niget oan en begryp te bringen foar Fryslân, de Fryske taal, kultuer en skiednis.

Op de webside fan It Boun stiet ûnder dizze doelstellingen beskreaun, hoe't It Boun dizze doelstellingen foarm jaan wol.

### Op nei de 100 jier:

Wat foarhinne it Kaderwykein wie is no de Moetings- en Ynspiraasjedei wurden – dêr oan taheakke is it inisjatyf nommen om de Friezen om Utens, wol of net lid fan in Fryske Krite fia e-mail te ynformearjen oer Bouns-saken, krite-aktiviteiten en oar frysksinnich nijsgjirrich nijs.

### Wy folgje al in tal jierren dizze strategy:

- Wy roppe alle kriteren op, om har leden te freegjen de digitale adres-gegevens (e-mail) fan harsels, mar likegoed ek dy fan kunde, famylje, freonen mei Fryske woartels, sawol yn ús eigen lân as yn 't bûtenlân, troch te jaan. Al dy mail-adressen (lid of net-lid) wurde sammele troch de skriuwer fan It Boun. Dy soarget foar de nijsfoarsjenning nei al dy Friezen om utens oer it silen en farren fan de kriteren en it Boun, mar ek fan oar nijsgjirrich frysksinnich nijs; soks stiet dan ek allegearre op ús webside.
- As 'slachrjemme op 'e taart' hâlde wy jierliks in Moetings- en Ynspiraasjedei mei útrin nei de betide jûn op in sintraal plak yn't lân.
- Wy sykje nei mooglikheden om it kader/bestjoer fan de kriteren te stypjen troch foarming.

It útwurkjen fan it ien en oar sil fêst net it maklikst wêze: der sit in hûd fol wurk oan fêst. Mar : neatdwaan is gjin opsje. Wy hoopje op de meiwurking fan alle kritebestjoeren – wy hawwe yn dit PLAN 23 inoar mear as ea noadich.

- Der is mei klam steld, dat der gjin lede-jild as e-mailstiper fan It Boun frege wurde mei; de drompel moat sa leech mooglik bliuwe.
- Troch it tebekrinnen fan it tal kriteren de ôfrûne jierren is nammenstemear dúdlik wurden, dat der wat oars barre moat om dy Friezen om Utens byinoar te hâlden – de kritemiddeis/-jûnen binne hjoeddedei skynber net mear genôch om dy Friezen te binen.

Yntiid bliuwt by alle kriteren de fraach oerein om har leden oan te trunen harren e-mailadressen oan de Bouns-skriuwer troch te jaan: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)



KvdB

### Ad 13      Kontakt bestjoersleden mei de kriter

Yn it bestjoer fan It Frysk Boun om Utens is al jierren de ôfspraak, dat hja op ien of oare wize kontakt ûnderhâlde mei de kriter yn ús lân. Op 't stuit binne der 15 kriter oansletten by It Boun en 2 binne net oansletten. Yn it bestjoer binne ôfspraken makke hokker bestjoerslid mei hokker kriter kontakt ûnderhâlde sil; nei dizze AG wurde de kriter oppenij ferparte:

Mar, wat hâldt soks no yn?

Yn 't foarste plak is it bestjoerslid yn prinsipe de earste kontaktpersoan tusken krite en Bounsbestjoer as der swierrichheden of fragen binne. Om de bân te ûnderhâlden is it mooglik in idee om as kritebestjoer it kontakt-bestjoerslid fan it Boun ris út te noegjen foar in bestjoersgearkomst....

**It riden en farren fan de kriter giet ús, dat mei dúdlik wêze, oan it hert!**

### Ad 14      Moetings- en Ynspiraasje dei 2019 (ideeën)

Nei de tige slagge Moetings- en Ynspiraasjedei op 17 novimber ferline jier is it útstel om oppenij Hurderwyk as lokaasje te brûken.

Datum foar it kommende winterskoft 2019: sneon 16 novimber – fersyk oan de kriter: **set gjin krite-aktiviteit op dizze datum**, mar lis dizze datum mar fêst yn jim krite-bûsboekje foar de M- en Y-middei yn Hurderwyk.

**Suggestjes foar de ynhâld fan dy middei binne tige wolkom!**

### Ad 15      Mediasaken / Omrop Fryslân – Jan Piet Bergmans

Yn desimber 2016 binne de Bestjoersôfspraken Frysk yn de Media 2016 fêstlein. Dêr steane ôfspraken yn oer it Frysktalige media-oanbod, de posysje fan Omrop Fryslân yn it wizige mediabestel en de finânsjes.

Hjirmei is it rêstich wurden op it mêd fan Omrop Fryslân.

KPN publisearre yn 2017 in nije beliedsrigel: op 4 july 2017 jouwe wy it sinjaal fan OF allinne troch yn de provinsje Fryslân en de buorprovinsjes fan Fryslân. De lanlike dekking fan OF wie dus fuort. Mei de nije beliedsrigel foldocht KPN wol oan de Mediawet.

It Boun hat doe in brief nei KPN stjoerd. Hjirynd waard wiisd op de bysûndere posysje fan de Fryske taal - en dêrmei ek dy fan Omrop Fryslân - de status/beskerming fan de regionale talen yn Europeesk ferbân.

Ek hat de deputearre fan de provinsje Fryslân oerlis hân mei it bestjoer fan KPN.

De provinsje hat nei dat oerlis in brief stjoerd nei de Ried fan Bestjoer fan KPN. De provinsje fynt dat OF wer yn hiel Nederlân yn it tv-pakket opnaam wurde moat. Se wiist op de ferdragen en wetten wêryn de status fan de Fryske taal fêstlein is.

It resultaat fan de bestjoerlike druk hat fertuten dien: KPN jout it sinjaal fan OF troch yn hiel Nederlân. De grutste kabelaar (Ziggo) jout it sinjaal fan OF ek troch. Hjirmei is sprake fan in (sawat) lanlike dekking.



### Ad 16. Promoasje Boun

It promoasjewurk beslacht it neikommende:

- It Frysk Boun om Utens moat te finen wêze yn neislachwurken sa as it Bûsboekje en guon databanken op ynternet.
- Berikber wêze en ynformaasje jaan op it ynternet mei ús webside [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl).
- It trochjaan fan Krite-aktiviteiten. Op de webside fan it Boun is no in **Aktiviteiten-kalinder** opnommen: alle kriteren jouwe oan de redaksje fan de webside troch wat der sa al yn 't winterskoft op 'e rol stiet.

De redaksje fan de webside bestiet út Jan Bijkerk en Kees van der Beek:

[skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl) / [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

### Ad 17. Nijsfoarsjenning nei de kriteren ta

Dêrfoar hawwe wy ús **Ynformaasjemap**. Dy stiet op ús webside en wurdt dêr ek regelmjittich ferfarske. Is der nijs/binne der feroaringen dan kin men de Ynformaasjemap op de webside fan It Boun sûnder wachtwurd rieplachtsje. Meitsje dan ek sa folle mooglik gebrûk fan ús webside: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl), benammen ek fan de mooglikheid op de "eigen kriteside" ynformaasje te jaan oer jimme programma en wat noch mear nijsgjirrich wêze kin foar oaren. De Aktiviteiten-kalinder op de webside jout in moai oersicht fan alle aktiviteiten; elke krite jout dy ynfo troch oan de redaksje fan de webside of oan de skriuwer fan it Boun. Sjoch ek ris ûnder de knop "Weblog". Sa kin in ûnderlinge diskusje yn gong set wurde, mei wa wit wat foar ferrassende resultaten. It AMBYLD, mei de gearkomstestikken foar de jierlikse Algemiene Gearkomste, giet fia de mail nei de skriuwers en foarsitters fan de kriteren; dy is ek yn te sjen op ús webside. Fierders giet it AMBYLD nei tal fan oare Fryske organisaasjes en media.

### Ad 18. Folkshegeskoalle Schylgeralân

Op in prachtige lokaasje yn de bosk fan Skylge, deunby it Noardseestrân en it Wrâlderfgoed Waadsee, fine jo de Folkshegeskoalle Schylgeralân. Jo binne dêr fan herte wolkom foar in ferskaat oan kursussen en aktiviteiten en foar in hearlik fersoarge ferbliuw. Unstpannend, learsum of kreatyf, ek yn 2019 is it der wer op de Folkshegeskoalle. It oanbod is yndield yn tema's, mar der binne ek alle mooglike kombinaasjes mooglik, lykas de natuer en skilderjen of besinning en taal. Foar in folslein oersicht fan aktiviteiten dit jier sjoch de Jierkalinder 2019 op de webside [www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl) Efkes allinnich mar ûntspanne? Dat kin ek. Underskate ferbliuwsmooglikheden kinne ek los boekt wurde, yndividueel of mei in groep. Edukaasje, natuer en ferdivedaasje yn de Skylger bosk. Ynskriuwe foar in kursus kin fia de webside Of se help jo graach tillefoanysk op wei: 0562 – 448954. Hiel graach oant sjen op de Folkshegeskoalle. Kom, nim de tiid foar josels en genietsje!

Foar ynformaasje:

[info@folkshegeskoalle.nl](mailto:info@folkshegeskoalle.nl)

Webside:

[www.folkshegeskoalle.frl](http://www.folkshegeskoalle.frl)

It adres:

Folkshegeskoalle Schylgeralân  
Badwei Hoarne 11  
8896 KC Hoarne Skylge  
tillefoan: 0562 – 448954



## Bylage I by jierferslach skriuwer

### Haadbestjoer:

Foarsitter	Jan Bijkerk, <a href="mailto:foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl">foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl</a> ;
Skriuwer	Kees van der Beek, <a href="mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl">skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl</a> ;
Ponghâlder	Jan Vogel, <a href="mailto:yellowbirds53@gmail.com">yellowbirds53@gmail.com</a> ;
Twadde skriuwer	Gerrit Stegenga, <a href="mailto:gerrit.stegenga@planet.nl">gerrit.stegenga@planet.nl</a> ;
Lid Toanielsaken	Pietie Westdijk-Kaasta, <a href="mailto:pcwestdijk@planet.nl">pcwestdijk@planet.nl</a> ;
Lid Algemien	Hylke de Haan, <a href="mailto:hylke_de_haan@hotmail.com">hylke_de_haan@hotmail.com</a> ;

---

Webmaster	Jan Bijkerk, <a href="mailto:itbounomutens@janbijkerk.nl">itbounomutens@janbijkerk.nl</a> ;
Media saken	Jan Piet Bergmans, <a href="mailto:j.p.bergmans@casema.nl">j.p.bergmans@casema.nl</a> ;

## Eareleden fan it Frysk Boun om Utens

K. Bos,  
S. Haagsma,  
Frou H. Hofman  
E. van der Schaaf-Plaat  
Sjoerd D.A. Bakker  
Hâns J. Weijer  
Hâns Dijk

## Oansletten Kritten (skriuwer/ster – it mailadres kin fan in oar wêze!)

**Apeldoarn:** "FIER FAN HUS", F. van Laar-de Vries; [froukjedv@kpnmail.nl](mailto:froukjedv@kpnmail.nl);

**Arnhem :** Stúdzjerûnte 'Dr. E. Halbertsma': Gerard Hoekema; [g.r.hoekema@telfort.nl](mailto:g.r.hoekema@telfort.nl);

**Assen:** "US MEMMETAEL", Hans Groenhof; [hansenmetje@home.nl](mailto:hansenmetje@home.nl);

**Boadegraven:** "FIER FAN HUS", T. Broere-Tiesinga; [tinibroere@kpnmail.nl](mailto:tinibroere@kpnmail.nl);

**De Haach:** "RJUCHT EN SLJUCHT", S. Bonnema; [ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com](mailto:ynfo.rjuchtensljucht@gmail.com);

**Hilversum:** "FRYSK EN FRIJ", A.R. Koopmans-Nieuwland; [kritehilversum@gmail.com](mailto:kritehilversum@gmail.com);

**Hoarn:** "TROCH DE TAE FORBOUN", Jan Vogel; [yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com);

**Hurderwyk:** "MEI INOAR IEN", Kees en Siska van der Beek; [savanderbeek@gmail.com](mailto:savanderbeek@gmail.com);

**Twente:** "FREONEN FRYSKE KULTUER", Auke Hoekstra; [a.hoekstra1@lijbrandt.nl](mailto:a.hoekstra1@lijbrandt.nl);

**Lelystêd:** "DE SEKRITE", Luit Dijk; [luit.dijk@kpnmail.nl](mailto:luit.dijk@kpnmail.nl);

**Meppel:** "WALING DYKSTRA", Romke E. Egbers; [walingdijkstra@kpnmail.nl](mailto:walingdijkstra@kpnmail.nl);

**Seist:** "MEI INOAR", Ida Knobbe; [iknobbe@hccnet.nl](mailto:iknobbe@hccnet.nl);

**Súdeast-Drinte:** "SUDEAST-DRINTE", Anne Tuiten; [anneroelietuiten@planet.nl](mailto:anneroelietuiten@planet.nl);

**Swol:** "FRYSK SELSKIP SWOL", J.Tj. Kuipers; [jantjerkkuipers@gmail.com](mailto:jantjerkkuipers@gmail.com);

**Utert:** "FRYSLAN", J.P. Bergmans; [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl);

#### NET-OANSLETTEN KRITEN:

**Den Helder (stiper!):** "GYSBERT JAPICKS", Y. de Vreeze; [ydevreeze@hotmail.com](mailto:ydevreeze@hotmail.com);

**Roan:** "ROAN EN OMSTREKEN"; Klaziena van der Molen-Kampen; [gerritenklaziena@gmail.com](mailto:gerritenklaziena@gmail.com);

### Bylage II by jierferslach skriuwer – ledetallen ensfh. en stiftingsjierren

#### Ledetallen:

KRITEN	OANTAL LEDEN		YNLAGE		TAGONGSPRIIS	
	31-12-2017	31-12-2018	Euro's		grutte toanieljûn	
			ienling	pear	lid	net-lid
Arnhem	30	29	20	40	0	5,00
Apeldoarn	198	178	15,00	30,00	12,50	17,50
Assen	185	170	8,00	15,00	10,00	12,50
Boadegraven	67	65	8,50	17,00	12,50	17,50
De Haach	80	81	10,00	20,00	n.v.t.	
Haarlim	105	-	-	-	-	10,00
Hilversum	90	84	15,00	30,00	10,00	15,00
Hoarn	125	120	12,50	25,00	2,50	10,00
Hurderwyk	104	100	12,50	25,00	5,00	10,00
Twente	154	154	20,00	35,00	-	9,50
Lelystêd	98	96	12,00	24,00	10,00	15,00
Meppel	68	64	25,00	50,00	0	10,00/15,00
Sudeast-Drinte	141	131	10,00	15,00	15,00	20,00
Swol	138	123	38,00	76,00	0	15,00
Seist	92	84	15,00	30,00	10,00	12,50
Utert	66	63	12,00	24,00	10,00	12,50
<b>TOTAAL</b>	<b>1748</b>	<b>1536</b>				

## Stiftingsjierren:

KRITEN	OPRJOCHTE YN		2019	2020	2021	2022	2023
Haarlim	1897	22-dec				125	
Swol	1899	8-feb	120				
De Haach	1899	1-okt	120				
Utert	1901	24-jan			120		
Apeldoarn	1901	9-dec			120		
Hoarn	1911	11-nov			110		
Meppel	1924	24-feb	95				
Seist	1928	20-dec					95
Assen	1930	18-dec		90			
Boadegraven	1946	15-jan			75		
Hilversum	1947	8-mrt				75	
Lelystêd	1971	26-nov			50		
Hurderwyk	1979	8-mei	40				
Twente	1980	22-mei		40			
Sudeast-Drinte	1994	12-apr	25				
Arnhem	1980	20-mrt		40			
<b>stiper:</b>							
Den Helder	1908	27-jun	110				

## Krite-aktiviteiten:

KRITEN	TOAN	KABA	LYTSK	TSJER	NIJ-B	EKSK	STUD	LEZIN	OARS
Apeldoarn	2/85	1/85		1/75	1/50				3/50
Arnhem								3/25	
Assen	1/100	1/80		1/45	1/70				
Boadegraven	1/37				1/41			1/25	1/30
De Haach				1/20	1/15			3/15	4/5
Hilversum	1/45	1/50			1				2/35
Hoarn	2/60	1/60						1/35	1/25
Hurderwyk	3/70				1/36				1/60
Twente									
Lelystêd	2/60	1/65			1/55		2/5		2/90
Meppel	1/40	1/40			1/30				
Súdeast-Drinte		1/40						1/40	3/45
Swol	1/100	1/85		1/65	1/65	1/36	5x	1/45	1/140
Seist	1/35	1/38		1/30	1/35	1/22	4/8	1/27	1/32
Utert		1/38	1/158*		1/21			1/16	1/20
*mienskiplike jûnen mei Seist      **70 = Krystmiel									

N.B. ik ha de kolom Dûnsjen der tuskenút helle – der binne gjin kriteren (mear) dy't dizze aktiviteit noch yn 't jieroversicht opnommen hawwe.